



Trinus Riemers

Sa't oaren him sjen litte kinne

Bewiereke by syn libben, suver fergetten nei syn dea? Trinus Riemersma jildt as de grutte foarmfernijer fan it moderne Fryske proaza. Detaillearre oantinkens fan syn earste frou Antsje Swart en har analyse fan syn skriuwerskip brekke mei klisjees. Sy set him opnij as skriuwer del. **A** Abe de Vries **P** Privee-argyf en Tresoar

Noch efkes en it is tsien jier lyn dat Trinus Riemersma, wierskynlik de meast priizge skriuwer út de Fryske literatuer, ús ûntfoel. Wurde yn gruttere literatueren belangrike auteurs yn libben hâlden mei djipdollende essees, annotearre werútjefte fan it wichtichste wurk of sels it op 'e merk bringen fan folsleine oeuvres yn rigen feestlike fetlearen bannen – yn it lytse Fryslân is dat net fansels sprekkend.

Trinus Riemersma (1938, Ferwert – 2011, Ljouwert), de iennichste skriuwer dy't twa kear de Gysbert Japicxpriis krige foar fiksjeoneel proaza, fersersgeast fan de sechstiger jierren tsjin de seksuele noarmen fan de boargerman en it ferdwinen fan de Frysktalige kultuer mei romans as *Fabryk* (1964) en *Minskrotten-Rotminken* (1966). Ek folle letter noch wist er mei syn magnum opus *De reade bwarre* (1992) snijende kommentaren te jaan op tiid, folk en skiednis.

Ek as dichter fan noftere parlandofersen, as ferhaleskriuwer en as kollumskriuwer liet er sjen in fin mear as in bears te hawwen. By syn dea wie yn 'e krantenpraat fan in 'firtuoos stilist', in 'skriuwer dy't syn wjergader net hat', in 'master op suver alle wapens'. Likegoed kaam it idee, al gau oanfette, om in esseebondel oer syn wurk ta stân te bringen, net fan 'e grûn. Foar it projekt waard gjin subsidzje oanfrege.

Biografyske fertelling

Mar nije inisjativen dy't omtinken freegje foar de skriuwer en syn wurk binne der, en komme deroan. Antsje Swart (1940), de jeugdleafde en earste partner fan Riemersma, en de mem fan fiif fan syn bern, hellet yn de krekt ferskynde bondel *Bûntskildere werldlikheid* oantinkens op oan de tiid (1956-1971) fan har ferkearing en de houliksjierren yn Looingea, Gau en Frjentsjer. Wilens wurket in omkesizzer, Doeke Sijens, oan in bredere biografy. *Bûntskildere werldlikheid* is útjûn troch Grotesk, de Amsterdamske útjouwerij fan Riemersma syn dochter Friduwih; in tal ôfleveringen ferskynde de ôfrûne jierren al yn har literêre tydskrift *Fers2*.

It is alsa famylje dy't de foarstap nimt en it sjenre wêryn't dat bart, is

de biografyske fertelling. It boek set út ein mei it byld dat by de Riemersma's op sneintemiddeis it hûs gauris fol siet mei literêre pommeranten. Minsken as Tjitte Piebenga, Douwe Tamminga, Ype Poortinga, Josse de Haan, Jan Wybenga, Jan Bylsma, Tiny Mulder en ek Gerard Reve, dy't doe yn Greonterp wenne, kamen del. 'Nijsgjirrich is fansels hoe't de petearen dan giene en hoe't

den der hoe langer hoe mear út-wroten troch trekker en molkfabryk. Heale doarpen wiene emigrearre. 'Hoe't de feroaring fan dy boeredoarpkes op persoanlik nivo wie, dat felber meitsje, dat wie Trinus syn doel.' Syn âldste broer wurke op 'e Kondins, koe dêr net bankje en waard der siik fan. Ek de skriuwer sels hat it in blaumoandei besocht. Sa is úteinlik *Fabryk* út

Sy wie de frou fân.
Makke kofje,
tafelhimmele en
prate mei de
skriuwersfroulju. Sa
gie dat doe

dêr miskien de literatuer út groeide. Mar dat wit ik net. Ik wie der net by', neffens Antsje Swart.

Sy wie de frou fân. Makke kofje, tafelhimmele en prate mei de skriuwersfroulju. Sa gie dat doe. Krekt letter lies Antsje it wurk fan de literêre besite. En noch letter hat se literatuerwittenskip studearre – mar sa fier wie it Fryske feminisme yn de Sixties noch net.

Trinus kaam fan Ferwert, fan it seedyksterlân. Heit wie boerearbeider, hy gie nei de mulo yn syn berteplak en nei de kweek yn Dokkum. Antsje trof de man dêr't se yn 1961 mei boaskje soe yn 1955 op 'Lametsymet', de merke fan Sint Anne. Syn fjoerreade hier foel har op, en hy koe gitaarspylje en Fryske ferskes sjonge.

Yn de twadde helte fan de fyftiger jierren siet er yn redaksje fan *De Gouden Tiid*, it tydskrift fan de Kristlik Fryske Jongerein. Hy hie de holle fol fan 'Fryslân' en skreau oer ûlebuorden. Hy woe skriuwe foar de 'gewoane' doarpsbewenners, wol maatskippijkritysk mar mei ienfâldich en werkenber taalgebrûk en net sa heechoppich as yn *De Tsjerne*, it offisjele literêre tydskrift fan dy tiid.

It wie in tiid fan grutte feroaringen op it plattelân. Arbeiders waar-

